

## AMS wint Fryske

### foardrachtswedstriid

Michelle Vijver hat de finale fan FeRstival wûn yn de kategory 'Starters'. Yn it Posthuis Theater op It Hearrenfean makke sy mei har foardracht fan it gedicht 'Bril' fan Berber Spliethoff de measte yndruk op de sjuery.

Sjoch nei de foardracht klip fan Michelle:

[FeRstival 2019: 'Bril' troch Michel-](#)



CSG Anna Maria  
van Schurman

Cort van  
der Lindenstraat 1  
8802 RX Franeker

Telefoon: 0517 39 59 00

E-mail:

[info@annamaria.nl](mailto:info@annamaria.nl)

Dit is dosint Bangma  
Sjoch nei it filmke oer it  
fak Frysk op de AMS!

[Frysk, lokaal 415 -](#)



ALTIJD OP DE HOOGTE

DOWNLOAD ONZE  
OPEN DAG APP AMS



1. Download in de AppStore of in de GooglePlayStore de 'Open dag App' van ParentCom.
2. Open de app, druk op 'Ga verder' en vervolgens op 'QR-Code'.
3. Scan de QR-code en op je mobiel of tablet opent de school-app. Werkt dit niet? Dan kun je altijd de naam of de plaatsnaam van de school invoeren.

AMS FOLDER

Dit is in ynformaasjefolder oer it Frysk en it meartalich fuortset ûnderwiis fan de AMS. Folle lêswille!





## MVO

Op de AMS hasto de kar om MVO (meartalich fuortset ûnderwiis) te kiezen. Foar de earste trije jier datsto op dizze skoalle sitst. MVO hâldt yn datsto bepaalde fakken yn ferskillende talen dochst.

Do hast bygelyks wiskunde, tekenjen en handvaardigeheid yn it Ingelsk, en gymnastyk yn it Frysk. Do krigest oan it ein fan dizze 3 jier ek in sertifikaat, dy prachtich stiet op dyn CV foar letter.

Mei MVO ûntwikkelest do net allinne dyn taalfeardigens, mar kinst ek dyn grinzen ferlizze. Yn bepaalde projekten wurkest do mei learlingen út oare lannen. 'Internationalisering' neame wy dat by ús op skoalle. De AMS hat kontakten mei middelbere skoallen yn Dútslân, Grikelân, Turkije, Spanje, Poalen en Itaalje. Wy dogge ek mei oan úwikselingsprogramma's, dus wa wit komst noch ris yn oare lannen!

## FRYSK AS EKSAMENFAK

OP DE AMS HASTO EK DE MOOGLIKHEID OM FRYSK AS EKSAMENFAK TE KIEZEN.

WĚROM SOESTO DAT DWAAN?

- OM'T IT KIN: FRYSK WURDT SJOEN AS MODERNE FRJEMDE TAAL, DUS LYKAS DÚTSK EN FRÂNSK KINST HJIR EKSAMEN YN DWAAN.

- STIET GOED OP DYN CV: FOAR BEPAALDE BEROPPEN IS IT WIER IN PLUSPUNT ASTO EKSAMEN FRYSK DIEN HAST. BYGELYKS FOAR SJOERNALISTYK, DE SOARCH, IT ÛNDERWIIS...

- PRACHTIGE TAAL: FRYSK IS IN BYSÛNDERE TAAL DY'T LETTER EK NOCH SPRUTSEN WURDE MOAT.

- LEUKER ASTO TINKST: IT IS NET SAAI LEARE, DO KRIGEST AARDIGE OPDRACHTEN OER BYGELYKS MUZYK, SKIEDNIS, TOANIEL, FILMS, PROVINSJE FRYSLÂN ETC..

- MAKLIKER ASTO TINKST: FRYSK IS HIELENDAL GJIN DREEGE TAAL OM TE LEAREN, ASTO DE SLACH TE PAKKEN HAST, IS IT HARTSTIKKE MAKLIK!

## SERTIFIKAAT

Learlingen fan de AMS krije in sertifikaat by harren rapport. Nei 3 jier ûnderwiis yn it Frysk en Ingelsk yn de ûnderbou (TL/Havo of Havo+) meitsje sy in eksamen.

Marrit Bosch, AMS learling fan 3 Havo skoarde heech op it Fryke eksamen. Op alle trije ûnderdielen fan it MFÛ-eksamen (kennis fan Fryske wurdskat, stavering en lêsfeardigens) skoarde Marrit B1+ nivo. Wat neffens it rrF (referinsjeramt Frysk, basearre op it Europees Referentiekader, ERK) ynhâldt dat sy in betûfte brûker is. En eins al op HBO-nivo de Fryske taal behearsket.



**Dit is Marrit en sy hat dizze folder makke!**